



Sichtberensakkoart Frysk / Fryske taal

Partijen

De Steat fan 'e Nederlannen, hjirby fertsjintwurdige troch de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, hjirnei te neamen it Ryk, oan 'e iene kant

en

de provinsje Fryslân, hjirby fertsjintwurdige troch de Kommissaris fan 'e Kening, yn funksje as útfierder fan in beslút fan Deputearre Steaten fan 20 novimber 2018, hjirnei te neamen de provinsje, oan 'e oare kant,

yn berie hawwend dat,

- yn 'e Wet gebruik Friese taal¹ stiet dat de offisjele talen yn 'e provinsje Fryslân it Nederlânsk en it Frysk binne en dat by it útwurkjen fan 'e mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer de provinsje Fryslân en it Ryk periodyk bestjoersôfspraken meitsje;
- dy bestjoersôfspraken foar it tiidrek 2019-2023 fêstlein binne yn 'e 'Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023' (BFTK);
- yn kêst 1.5 fan 'e BFTK akkoarte is dat sawol de provinsje as it Ryk harren ynsette om it funksjoneel brûken fan 'e Fryske taal, en dêrmei de sichtberens, fan 'e Fryske taal yn 'e iepenbiere romte yn Fryslân safolle as 't kin te fergrutsjen;
- de partijen yn 'e BFTK harren it rjocht foarbehâlden hawwe om yn it ljocht fan nasjonale en ynternasjonale ûntjouwings wat de Fryske taal oanbelanget de hiele jildichheidstiid fan dizze bestjoersôfspraak troch oanfoljende ôfspraken te meitsjen;
- de Twadde Keamer fan 'e Steaten-Generaal op 17 desimber 2020 ynstimde mei de moasje fan 'e leden Van der Molen en De Vries oer in akkoart mei de provinsje Fryslân om 'e sichtberens fan it Frysk en 'e kommunikaasje yn it Frysk te fersterkjen²,

hawwe de partijen besletten om oanfoljend op 'e Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 it neikommende akkoart te sluten om 'e sichtberens fan 'e Fryske taal yn 'e iepenbiere romte en it brûken fan it Frysk yn kommunikaasje-uterings te fersterkjen.

¹ wetten.oerheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01

² Keamerstikken II 2020-21, 35570-VII-75, nr. 75



Kêst 1: Sichtberens Frysk yn 'e Fryske iepenbiere romte

1. As oanfolling op 'e ôfspraken dy't makke binne yn 'e BFTK 2019-2023 past it Ryk, dêr't dat mar kin, de paadwizers yn iepenbiere romten yn Rykskantoaren yn 'e provinsje Fryslân oan nei twatalige teksten.
2. By it renovearjen of ynrjochtsjen fan in nij Rykskantoar yn 'e provinsje Fryslân docht it Ryk ek war om keunst fan Fryske keunstners of keunst mei in Frysk karakter sjen te litten.
3. Dêrneist docht it Ryk war om, as in foech pilot, de tydlike bebuording en oare iepenbiere tydlike ynformaasjeoarsjenning om Rykswegen hinne op it grûngebiet fan 'e provinsje Fryslân oan te passen nei twatalige teksten. Dy pilot is tasnien op yn mienskiplik oerlis oerienkommen gefallen en sûnder dêrmei presedinten nei de takomst te skeppen.
4. De provinsje Fryslân docht war om te kommen ta mear Frysk- of twatalige buorden oan provinsjale (wetter)wegen. By oerheidsoanbestegings wurdt frege om Frysk- of twatalige buorden del te setten.

Kêst 2: It brûken fan 'e Fryske taal yn kommunikaasje-uterings

1. It ministearje fan Ynlânske saken en Keninkryksrelaasjes set Ryksbreed yn op it better foarljochtsjen oer it brûken fan 'e Fryske taal yn kommunikaasje-uterings út 'e Ryksoerheid wei. Om dy reden is yn 2021 de rjochtline 'Vertaalbeleid Rijksoverheid'³ oanpast, dêr't de ynwenners fan 'e provinsje Fryslân by opnommen binne as aparte kommunikaasjeoelgroep. Dêrneist is yn 'e Rykshústylgids in format foar twatalige bebuording opnommen⁴.
2. As oanfolling op kêst 1.7 fan 'e BFTK nûgje de provinsje Fryslân en it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes kommunikaasjemeiwurkers fan it Ryk en 'e provinsje út foar in wurkbesite oan 'e provinsje Fryslân dy't spesifyk rjochte is op 'e sichtberens en it brûken fan 'e Fryske taal yn it domein kommunikaasje.
3. Yn oanrin nei de nije BFTK ferkenne de provinsje Fryslân en it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes de mooglikheden om 'e kennis dy't yn 'e provinsje Fryslân opdien is op it mêd fan meartalige oerheidskommunikaasje te dielen.

Kêst 3: Finansjele paragraaf

1. De Ryksoerheid en 'e provinsje Fryslân stelle út harren eigen begruttings wei budzjet beskikber foar it realisearjen fan 'e doelstellingen ûnder kêst 1 en kêst 2, 1ste en 2de lid.

³ www.communicatierijk.nl/binaries/communicatierijk/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksverheid/Vertaalbeleid+Rijksoverheid.pdf

⁴ www.rijkshuisstijl.nl/communicatiemiddelen/bewegwijzering



Taljochting

Eftergrûn

Mei de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 folje de provinsje Fryslân en it Ryk de mienskiplike ferantwurdlikens yn foar de Fryske taal en kultuer. Yn 'e BFTK binne ôfspraken opnommen oer it brûken fan 'e Fryske taal yn ferskate domeinen en oer de sichtberens fan 'e Fryske taal. De aktuele ûntjouwings yn 'e provinsje Fryslân om 'e sichtberens fan en kommunikaasje yn 'e Fryske taal hinne en 'e moasje dy't troch de Twadde Keamer oannommen is oer in sichtberensakkoart foar de Fryske taal, binne de oanlieding foar dit akkoart. Yn dit akkoart steane oanfoljende ôfspraken oangeande de BFTK, dy't passe yn it hjoeddeistige ramt en karakter fan 'e BFTK.

De posysje fan 'e Fryske taal

Yn 'e Wet gebruik Friese taal stiet dat it Frysk en it Nederlânsk de offisjele talen binne yn 'e provinsje Fryslân. Soks hâldt yn dat ynwenners fan Fryslân it rjocht hawwe om 'e Fryske taal te brûken yn it bestjoerlik en rjochtsferkear yn 'e provinsje Fryslân. De Fryske taal hat net allinne in wetlike, mar ek in maatskiplike posysje yn 'e provinsje Fryslân. In grut part fan 'e Frysktalige ynwenners fan 'e provinsje hat de Fryske taal as memmetaal en dêrmei as earste taal. Foar de ynwenners fan 'e provinsje Fryslân is it Frysk ién fan 'e talen yn 'e maatskippij. De provinsje en it Ryk ûnderkenne mei dit akkoart it maatskiplik belang fan 'e sichtberens fan 'e Fryske taal yn 'e iepenbiere romte en yn kommunikaasje-uterings yn 'e provinsje Fryslân.

Sichtberens en it fersterkjen fan 'e Fryske taal

De BFTK 2019-2023 hat as ambysje dat yn 2030 it tal persoanen yn Fryslân dat de Fryske taal lêst en skriuwt tanommen is. It stribjen is dat it tal memmetaalpraters dat de Fryske taal goed lêze en skriuwe kin en it tal twadde- en tredde taalpraters dat it Frysk goed ferstean en prate kin, tanommen is mei 10%. Sichtberens en it brûken fan 'e Fryske taal fersterket de maatskiplike posysje fan 'e taal en dêrmei ek de needsaak om 'e taal leare te lêzen en te skriuwen.

Kennis diele

De ûnderfinings fan 'e provinsje en 'e gemeenten yn 'e provinsje Fryslân oangeande meartalige oerheidskommunikaasje kinne weardefol wêze om mei inoar en mei de Ryksoerheid út te wikseljen. Oerheidsfunksjonarissen út ûnder-skate disciplines wei en op ûnderskate bestoersnivo's kinne fan dy ûnderfinings leare om yn harren belied de sichtberens en it brûken fan 'e Fryske taal fierder te befoarderjen.

Bestjoersôfspraak Fryske taal fan 2024 ôf

Foar it tiidrek fan 2024 ôf wurdt troch it Ryk en 'e provinsje in nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) sletten. Dy nije bestjoersôfspraak biedt kânsen om 'e kennis en ûnderfining dy't opdien is nei oanlieding fan dit Sichtberensakkoart en 'e no jildende BFTK 2019-2023 te boargjen en fierder te ûntwikkeljen. Fierdere ambysjes fan 'e provinsje Fryslân op it mêd fan 'e



sichtberens en 'hearberens' fan 'e Fryske taal wurde, dêr't dat kin, ek ynterdepartemintaal en oer portfolio's hinne geand meinommen yn 'e nije BFTK fan 2024 ôf.

Rintiid

It Sichtberensakkoart Fryske taal is oanfoljend op 'e BFTK 2019-2023. De provinsje en it Ryk nimme yn 'e bestjoersôfspraken foar it tiidrek fan 2024 ôf fernijde ôfspraken op oer de sichtberens fan en kommunikaasje-uterings yn 'e Fryske taal yn 'e provinsje Fryslân.

Sa akkoarte yn twafâld, sawol yn 'e Fryske as yn 'e Nederlânske taal, en ûndertekene,

te Frjentsjer op 25 april 2022,
de Steat fan 'e Nederlannen,

te Frjentsjer op 25 april 2022,
de provinsje Fryslân,

Hanke Bruins Slot
*Minister fan Ynlânske Saken
en Keninkryksrelaasjes*

Sietske Poepjes
Deputearre fan 'e provinsje Fryslân



Zichtbaarheidsakkoord Frysk / Friese taal

Partijen

De Staat der Nederlanden, hierbij vertegenwoordigd door de minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, hierna te noemen het Rijk, enerzijds

en

de provincie Fryslân, hierbij vertegenwoordigd door de Commissaris van de Koning, handelend ter uitvoering van een besluit van Gedeputeerde Staten d.d. 20 november 2018, hierna te noemen de provincie, anderzijds,

overwegende dat,

- de Wet gebruik Friese taal¹ bepaalt dat de officiële talen in de provincie Fryslân het Nederlands en het Fries zijn en dat ter uitwerking van de gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht voor de Friese taal en cultuur de provincie Fryslân en het Rijk periodiek bestuursafspraken maken;
- deze bestuursafspraken voor de periode 2019-2023 zijn vastgelegd in de 'Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023' (BFTK);
- in artikel 1.5 van de BFTK is overeengekomen dat zowel de provincie als het Rijk zich inzetten om het functioneel gebruik van de Friese taal, en daarmee de zichtbaarheid, van de Friese taal in de openbare ruimte in Fryslân zoveel mogelijk te vergroten;
- de partijen in de BFTK zich het recht hebben voorbehouden om in het licht van nationale en internationale ontwikkelingen met betrekking tot de Friese taal gedurende de looptijd van deze bestuursafpraak aanvullende afspraken te maken;
- de Tweede Kamer der Staten-Generaal op 17 december 2020 instemde met de motie van de leden Van der Molen en De Vries over een akkoord met de provincie Fryslân om de zichtbaarheid van het Fries en de communicatie in het Fries te versterken²,

hebben de partijen besloten in aanvulling op de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 het volgende akkoord te sluiten om de zichtbaarheid van de Friese taal in de openbare ruimte en het gebruik van het Fries in communicatie-uitingen te versterken.

¹ wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01

² Kamerstukken II 2020-21, 35570-VII-75, nr. 75



Artikel 1: Zichtbaarheid Fries in de Friese openbare ruimte

1. In aanvulling op de afspraken gemaakt in de BFTK 2019-2023 past het Rijk, daar waar mogelijk, de bewegwijzering in openbare ruimten binnen Rijkskantoren in de provincie Fryslân aan naar tweetalige teksten.
2. Bij renovatie of inrichting van een nieuw Rijkskantoor in de provincie Fryslân zet het Rijk zich in ook kunst van Friese kunstenaars of kunst met een Fries karakter zichtbaar te maken.
3. Daarnaast zet het Rijk zich in om, bij wijze van een pilot, de tijdelijke bewegwijzering en andere openbare tijdelijke informatievoorziening rondom Rijkswegen binnen het grondgebied van de provincie Fryslân aan te passen naar tweetalige teksten. Deze pilot richt zich op in gezamenlijk overleg overeengekomen gevallen en zonder hiermee precedënten naar de toekomst te scheppen.
4. De provincie Fryslân spant zich in voor meer Fries- of tweetalige bebording aan provinciale (water)wegen. Bij overheidsaanbestedingen wordt gevraagd om Fries- of tweetalige borden te plaatsen.

Artikel 2: Gebruik van de Friese taal in communicatie-uitingen

1. Het ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties zet Rijksbreed in op betere voorlichting over het gebruik van de Friese taal in communicatie-uitingen vanuit de Rijksoverheid. Hiertoe is in 2021 de richtlijn 'Vertaalbeleid Rijksoverheid'³ aangepast, waarbij de inwoners van de provincie Fryslân zijn opgenomen als aparte communicatiedoelgroep. Daarnaast is in de Rijkshuisstijlgids een format voor tweetalige bewegwijzering opgenomen⁴.
2. In aanvulling op artikel 1.7 van de BFTK nodigen de provincie Fryslân en het ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties communicatiemedewerkers van het Rijk en de provincie uit voor een werkbezoek aan de provincie Fryslân dat specifiek gericht is op de zichtbaarheid en het gebruik van de Friese taal binnen het domein communicatie.
3. In aanloop naar de nieuwe BFTK verkennen de provincie Fryslân en het ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties de mogelijkheden om de binnen de provincie Fryslân opgedane kennis op het gebied van meertalige overheidscommunicatie te delen.

Artikel 3: Financiële paragraaf

1. De Rijksoverheid en de provincie Fryslân stellen vanuit hun eigen begrotingen budget beschikbaar voor het realiseren van de doelstellingen onder artikel 1 en artikel 2, 1e en 2e lid.

3 www.communicatierijk.nl/binaries/communicatierijk/documenten/publicaties/2021/05/28/vertaalbeleid-rijksoverheid/Vertaalbeleid+Rijksoverheid.pdf

4 www.rijkshuisstijl.nl/communicatiemiddelen/bewegwijzering



Toelichting

Achtergrond

Met de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 geven de provincie Fryslân en het Rijk invulling aan de gezamenlijke verantwoordelijkheid voor de Friese taal en cultuur. In de BFTK zijn afspraken opgenomen over het gebruik van de Friese taal in verschillende domeinen en over de zichtbaarheid van de Friese taal. De actuele ontwikkelingen in de provincie Fryslân rondom de zichtbaarheid van en communicatie in de Friese taal en de door de Tweede Kamer aangenomen motie over een zichtbaarheidsakkoord voor de Friese taal vormen de aanleiding voor dit akkoord. Dit akkoord bevat aanvullende afspraken op de BFTK, passend binnen het huidige kader en karakter van de BFTK.

De positie van de Friese taal

De Wet gebruik Friese taal bepaalt dat het Fries en het Nederlands de officiële talen zijn in de provincie Fryslân. Dit houdt in dat inwoners van Fryslân het recht hebben de Friese taal te gebruiken in het bestuurlijk en rechtsverkeer binnen de provincie Fryslân. De Friese taal heeft niet alleen een wettelijke, maar ook een maatschappelijke positie binnen de provincie Fryslân. Een groot deel van de Friestalige inwoners van de provincie heeft de Friese taal als moedertaal en daarmee als eerste taal. Voor de inwoners van de provincie Fryslân is het Fries één van de talen in de samenleving. De provincie en het Rijk onderkennen met dit akkoord het maatschappelijk belang van de zichtbaarheid van de Friese taal in de openbare ruimte en in communicatie-uitingen binnen de provincie Fryslân.

Zichtbaarheid en het versterken van de Friese taal

De BFTK 2019-2023 heeft als ambitie dat in 2030 het aantal personen in Fryslân dat de Friese taal leest en schrijft is toegenomen. Het streven is dat het aantal moedertaalsprekers dat de Friese taal goed kan lezen en schrijven en het aantal tweede- en derdetaalsprekers dat het Fries goed kan verstaan en spreken is toegenomen met 10%. Zichtbaarheid en gebruik van de Friese taal versterkt de maatschappelijke positie van de taal en daarmee ook de noodzaak de taal te leren lezen en schrijven.

Kennisdeling

De ervaringen van de provincie en de gemeenten binnen de provincie Fryslân rondom meertalige overheidscommunicatie kunnen waardevol zijn om met elkaar en met de Rijksoverheid uit te wisselen. Overheidsfunctionarissen vanuit verschillende disciplines en op verschillende bestuursniveaus kunnen van deze ervaringen leren om in hun beleid de zichtbaarheid en het gebruik van de Friese taal verder te bevorderen.

Bestuursafpraak Friese taal vanaf 2024

Voor de periode vanaf 2024 wordt door het Rijk en de provincie een nieuwe Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) gesloten. Deze nieuwe bestuursafpraak biedt kansen om de opgedane kennis en ervaring naar aanleiding van dit Zichtbaarheidsakkoord en de huidige BFTK 2019-2023 te borgen en verder te



ontwikkelen. Ook verdere ambities van de provincie Fryslân op het gebied van zichtbaarheid en hoorbaarheid van de Friese taal worden, waar mogelijk, interdepartementaal en portfolio-overstijgend meegenomen in de nieuwe BFTK vanaf 2024.

Looptijd

Het Zichtbaarheidsakkoord Friese taal is aanvullend op de BFTK 2019-2023. De provincie en het Rijk nemen in de bestuursafspraken voor de periode vanaf 2024 hernieuwde afspraken op over de zichtbaarheid van en communicatie-uitingen in de Friese taal in de provincie Fryslân.

Aldus overeengekomen in tweevoud, zowel in de Friese als in de Nederlandse taal, en ondertekend,

te Franeker op 25 april 2022,
de Staat der Nederlanden,

te Franeker op 25 april 2022,
de provincie Fryslân,

Hanke Bruins Slot
Minister van Binnenlandse Zaken
en Koninkrijksrelaties

Sietske Poepjes
Gedeputeerde van de provincie Fryslân